

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinners: CDA, Attsje Meekma FNP, Sijbe Knol GrienLinks, Charda Kuipers D66, Bea Bijlsma SP, Hanneke Goede VVD, Durk Pool PvdA, Edou Hamstra PvdD, Menno Brouwer 50PLUS, Theun Wiersma ChristenUnie, Lieuwe van der Pol
--

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	16 desimber 2020
Wurklistpunt	Moasje frjemd
Koarte titel fan de moasje	Stipe foar it 'Minority SafePack Initiative'

De Steaten, yn gearkomste byien op 16 desimber 2020

heard hawwende de rieplaching;

konstatearjende dat

- it Europeesk boargerinisjatyf 'Minority SafePack Initiative' oan de Europeeske Uny freget om yn syn wetjouwing en belied rekken te hâlden mei nasjonale en taalminderheden en dêr belied op te meitsjen;
- 1.128.385 ynwenners fan Europa it 'Minority SafePack Initiative' ûndertekene hawwe;
- in lange rige fan nasjonale en regionale parleminten yn hiel Europa yntusken har stipe útsprutsen hawwe foar it 'Minority SafePack Initiative', om dêrmei it draachflak foar it boargerinisjatyf te toanen; dat ek it Europeesk Parlemint moandei in debat hân hat en nei alle gedachten tongersdei in resolúsje oannimt oer it 'Minority SafePack Initiative';

oerwaagjend dat

- de beskerming fan persoanen dy't diel útmeitsje fan nasjonale en taalminderheden better regele wurde moat en it kulturele en taalkundige ferskaat yn de Europeeske Uny fersterke wurde moat;
- de Provinsje Fryslân it 'Minority SafePack Initiative' altyd fûleinich stipe hat, wat blykt út it feit dat it Fryske Kolleezje yn 2017 de ôftraap jûn hat foar de Fryske kampanje om hantekens te sammeljen en ek út it feit dat de eardere Deputearre Jannewietske de Vries diel útmakke fan it boargerkomitee dat yn 2013 mei it inisjatyf úteinset is;
- dat no't de Europeeske Kommisje yn jannewaris mei in reaksje komme moat, it wichtich is dat it Fryske parlemint in krêftich lûd hearre lit;

Fersiket de Nederlânske regearing en de Europeeske Kommisje om:

- it Europeesk boargerinisjatyf 'Minority SafePack initiative' yn Europeesk ferbân te stypjen;

**MOASJE**

# MOASJE

en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	CDA, Attje Meekma
	FNP, Sijbe Knol
	GrienLinks, Charda Kuipers
	D66, Bea Bijlsma
	SP, Hanneke Goede
	VVD, Durk Pool
	PvdA, Edou Hamstra
	PvdD, Menno Brouwer
	50PLUS, Theun Wiersma
	ChristenUnie, Lieuwe van der Pol